

## **ik bin ien fan koart troch de bocht en je sels rêde**

oars net as legere skoalle hat frou knol hân  
dy't op har seisentachtichste nei seis operaasjes by de lêste gemokuer  
yn mekoar stoarte en mar muoilik wenne kin oan it nije libben  
yn wensoarchsintrum de flecke wêr't se yn `e rolstoel sitte moat  
en net samar efkes nei skarsterbrêge kuierje kin

as famke krige se fan har heit te hearren  
dat se it húshâlden wol fan mem leare koe  
de mulo wie boppedat weismiten jild

ik sjoch nei de hûd fan har hannen  
dy't op guon plakken pears is  
it hege sikehûsbêd dat krekt ôfhelle is  
it glinsterjende blauwe plestik om it matras  
en de wite sloop dy't op in bulstsje op `e tafel leit  
naast de tv-gids

tillevyzjesjen dochts se net folle  
dat is fral ellende

dan fertelt se oer de oarloch  
hoe't se troch bloedearmoede net mear nei skoalle koe  
heit fan dokter by de buorman om molke moast  
en er neidat de boer him in pear mingel mejûn hie  
te hearren kriich dat er net wer hoegde te kommen

as âlderling siet dyselde boer sneins it tichtste by de preekstoel

omdat de nije froulike dûmny sei dat it sa net koe  
geat de fine buorman heit dêrnei gauris de amer fol

dy bekearde molke en de golle leafde fan har âlders  
ha aardich fertuten dien

der kaam in houlik fan mear as fjirtich jier  
mei in man dy't miskien krekt wat minder  
op it fuotbalfjild omslaan kind hie  
mei wa't se knap troch de minne tiid hinne kaam is

ik krige de mantels fan de buorfrou  
makke dêr in jaske fan foar de bern  
seit se grutsk

as de knopen derop koenen gie ik nei de winkel

dêr seinen se mei it naaiwurk op `e toanbank  
it slagget jo ek altyd

dat komplimintsje koe ik yn 'e bûse stekke

wat net sizze wol dat frou knol  
tefreden wie mei oanrjocht en nulle  
dêrfoar praat se mei te folle ljocht yn `e eagen  
oer it sniebaljen yn it skoft  
by naaierij sturka yn de gordyk

of hoe't in klant fan it hotel dêr't se skjinmakke  
de rottige apel dy't er har as grapke y 'e hannen troppe  
lyk yn 'e nekke weromkrige

har man is no al twaentwintich jier fuort  
de skonken dogge it net mear  
de holle dy't net trochleare mocht  
en noait stilstien hat  
docht it noch altyd

wannear't ik freegje hoe't se har fielt  
is it antwurd earst

kasplantsje

dan komt der flot achteroan

mar alles went  
oan it hingjen ta

## **ik ben er een van kort door de bocht en jezelf redden**

meer dan lagere school heeft mevrouw knol niet gehad  
die op haar zesentachtigste na zes operaties bij de laatste chemokuur  
in elkaar stortte en maar moeilijk kan wennen aan haar nieuwe leven  
in woonzorgcentrum de flecke waar ze in een rolstoel moet zitten  
en niet zomaar even naar scharsterbrug kan wandelen

als meisje kreeg ze van haar vader te horen  
dat ze het huishouden wel van moeder kon leren  
de mulo was bovendien weggegooid geld

ik kijk naar de huid van haar handen  
die op sommige plekken paars is  
het hoge ziekenhuisbed dat net is afgehaald  
het glimmende blauwe plastic om het matras  
en de witte sloop die op een hoopje op de tafel ligt  
naast de tv-gids

tv-kijken doet ze niet veel  
dat is vooral ellende

dan vertelt ze over de oorlog  
hoe ze door bloedarmoede niet meer naar school kon  
vader van dokter bij de buurman om melk moest  
en hij nadat de boer hem een paar liter mee had gegeven  
te horen kreeg dat hij niet weer hoefde te komen

als ouderling zat diezelfde boer zondags het dichtst bij de preekstoel

omdat de nieuwe vrouwelijke dominee zei dat het zo niet kon  
goot de gelovige buurman vader daarna een paar keer de emmer vol

die bekeerde melk en de gulle liefde van haar ouders  
hebben aardig wat opgeleverd

er kwam een huwelijk van meer dan veertig jaar  
met een man die misschien net wat minder  
op het voetbalveld rond had mogen hangen  
met wie ze knap door de zware tijd gekomen is

ik kreeg de mantel van de buurvrouw  
maakte daar een jasje van voor de kinderen  
zegt ze trots

wanneer de knopen eraan konden ging ik naar de winkel

daar zeiden ze met mijn naaiwerk op de toonbank  
het lukt u ook altijd

dat complimentje kon ik in mijn zak steken

wat niet wil zeggen dat mevrouw knol  
tevreden was met aanrecht en naald  
daarvoor spreekt ze met te veel licht in haar ogen  
over sneeuwballengooien in de pauze  
bij naaiatelier sturka in gorredijk

of hoe een klant van het hotel waar ze schoonmaakte  
de rottige appel die hij haar als grapje in de handen stopte  
rechtstreeks in zijn nek terugkreeg

haar man is er al tweeëntwintig jaar niet meer  
haar benen weigeren dienst  
haar hoofd dat niet mocht doorleren  
en nooit heeft stilgestaan  
doet het nog altijd

wanneer ik haar vraag hoe ze zich voelt  
is het antwoord eerst

kasplantje

dan volgt vlot

maar alles went  
zelfs de strop